

BESPREK

Anne Dykstra & Rolf H. Bremmer Jr (útj.), In skiednis fan 'e Fryske taalkunde. Ljouwert (1999), Fryske Akademy. 372 siden. Priis: f 45 (foar leden en stipers fan 'e Fryske Akademy f 42,50).

It hat der yn hong mei dit boek. Moai is dat te folgjen oan 'e hân fan 'e jierferslaggen fan 'e Fryske Akademy. Foar it earst dûkt it projekt op yn 1990/91: "Dykstra en Hoekstra [Jarich H., doe noch oan it wurk op 'e FA. S.D.] hawwe, tegearre mei dr. R.H. Bremmer fan 'e Ryksuniversiteit Leien, ûnderskate lju út binnen- en bûtenlân oanskreaun om mei te dwaan oan in boek oer de skiednis fan 'e Fryske taalkunde. De reaksjes wiene oer it generaal tige posityf, dat it liket derop dat sa'n boek der wol komme sil". Dat lêste hie de ferslachskriuwer gelyk oan, mar maklik gong dat net. It jierferslach 91/92 meldt dat Dykstra en Hoekstra drok oan it wurk binne. Fan de oare auteurs wurdt neat sein, mar dy wurkje ek net by de Fryske Akademy, dat dy hoege har dêr ek net te ferantwurdzjen. Mar yn 92/93 begjint it lijen al: "Sawol Dykstra as Hoekstra is it net slagge om foar de plende datum fan ien febrewaris 1993 de earste ferzje fan harren oanpart (...) (oer resp. leksikografy en grammatika) klear te krijen. Spitigernôch jildt dat foar de measte oare skriuwers ek". Yn 93/94 binne Dykstra en Versloot, mei dy twadde ferzje, klear, mar Hoekstra noch net. "Njonken syn bydrage moatte der noch in pear ynkomme. Ien en oar betsjut spitigernôch dat it projekt no definityf fertrage is". It ferslach fan 94/95 begjint optimistysk: "Dit ferslachjier is it boek wer in bytsje tichter by syn foltôging kaam", en der wurde ek wol positive ûntjouwings trochdien: "Mei Hoekstra syn haadstik (...) siket it om it lêste. Versloot stiet op it punt om de definitive ferzje fan syn haadstik yn te leverjen. Reitsma hat in bydrage skreaun oer it brûken fan 'e kompjûter yn 'e Fryske taalkunde". Mar dêrfoar oer steane, sa'n fjouwer jier nei it begjin, dramatyske ûntwikkelingen: "Net alle artikels binne der noch. Dat komt û.o. trochdat guon auteurs om ûnderskate reden ôfsjen moasten fan fierdere meiwurking. Foar har binne fefangers socht en fûn, mar it seit himsels dat dy net op stel en sprong har bydrage leverje koenen. Der wurdt no stribbe om ein 1995 alle artikels yn te hawwen". Yn 95/96 binne de haadstikken fan Wilts en Nielsen oerset, en dus klear. Mar Hoekstra hat him ynienen út 'e redaksje weromlutsen, en "spitigernôch is fan guon haadstikken noch hieltyd net in earste ferzje ynkaam. Komme dy net, dan sil it boek takomme jier útbrocht wurde mei de stikken dy't der op dat stuit binne". Yn 96/97 is it safier: "Om't it projekt eins al te lang ûnderweis is (út ein set yn 1990), hat de redaksje besletten om net mear te stribjen nei in folslein histoarysk oersjoch. It boek sil no útbrocht wurde mei de 13 stikken dy't op 1 desimber 1996 ynkommen wiene. Prof.dr. A. Feitsma sil noch in algemien

ynliedend haadstik skriuwe, dat nei alle gedachten septimber 1997 klear wêze! Doel is om it boek yn 1998 ferskine te litten". Yn 97/98 skrillet de redaksje doe wer tebek foar dy radikale stap: "Spitigernôch hold dat û.o. yn dat der net in haadstik oer de skiednis fan 'e Fryske grammatika yn it boek komme soe. Prof. Feitsma hat doe oanbean om dat haadstik te skriuwen. De redaksje wie dêr tige n op 't skik en hat besletten om de publikaasje fan it boek dochs mar út te stellen. Feitsma blykt har yn 98/99 wol oan har wurd te hâlden, dat nofter wurdt oankdige: "Juni 1999 giet it boek nei de korrektor. De publikaasje is yn desimber 1999 wannear't it boek op it Filologekongres oanbean wurde sil". En aldus geschiedde

Ik helje dy jierferslaggen hjir net allinne oan omdat se efterinoarset hast as roman lêze, en ek net om hjir allegearre soppige nijsjes te ûnthullen, want de redaksje sels wynt der yn syn ferantwurdiging ek net foarwei dat it boek troch tal fan tsjinslaggen lang ûnderweis west hat, mar benammen omdat de skiednis fan it boek sels hiel moai yllustrearret dat der efter de offysjele gevel fan 'e wittenskip noch in hiel nijsgjirrich hûs en benammen bouproses skûl gean kin. Eardat it ta itige risseltaat kaam is - en yn 'e wittenskip is dat yn fierwei de measte gefallen publikaasje - is der fan alles bewraamd en bewrotten, binne der idealeen formulear en foar in part ek wer yn reek opgong, hat der oerlis en kreauerij west, is der jier beskikber steid en fertsjinne, is de moade folge of negearre, is der ynfloed útoefene ûndergien, en gean sa mar troch. En dat is no krekt wat de skiedskriuwing fan de wittenskip sa nijsgjirrich meitsje kin: dat it jin sicht jout op wat him efter statyske steatlike gevel fan 'e publikaasje ôfspile hat. In goede skiedskriuwer s dêrby fansels as in detektive te wurk gean moatte, dy soe petearen fiere kinne en noch libjende persoanen, alle korrespondinsje en ferslaggen trochsneupe, ferlikings meitsje mei wat er wit fan ferlykbere ûndernimmens, om sa te komme ta in sa goed mooglike ynterpretaasje fan wat him no wier ôfspile hat. Sa'n ûndersyk jout tagelyk mear ynsjoch yn en begryp foar it produkt sa't dat úteinliks ferjin leit.

It wittenskipsmêd dêr't de skiednis yn dit boek fan ûndersocht wurdt is de Fryske taalkunde. It boek is opspjalte yn 15 haadstikken, dus yndied mear as de 13 dê earder praat fan west hat. Se wurde foarôfgongen troch in ynliedend haadstik. Swat de helte fan it boek wurdt yndield neffens beskate tiidrekken: foar-âldfrysk, âldfrysk, midfrysk en nijfrysk. Utsein it foar-âldfrysk (fan de Deen H.F. Nielse wurde dy tiidrekken fierder behannele neffens beskate dissiplinen. Nuvergenôrint dy ûnderferdieling foar de perioaden net parallel. It âldfrysk hat in haadstik c leksikografy (fan R.H. Bremmer Jr) en de metoadyk fan tekstútjeften (fan Vries), mar, tige spitich, net ien oer de grammatikabeoefening fan it âldfrysk. I redaksje meldt yn 'e "Ferantwurdiging" oars kreas dat se foar dat mêd nimmen fi kind hat. Foar it midfrysk wie dat wol it gefal (P. Boersma), allinne hjit it oant langjende haadstik hjir "de taalkunde fan it Midfrysk", mooglik omdat de tekstjeften der ek yn opnommen binne en dus net in apart haadstik krigen haww Boersma tekenet ek foar it haadstik oer de midfryske leksikografy. Hiel apart by midfryske tiidrek is dat in oare auteur, T. Feitsma, ynienen mei in apart haadst

komt oer de trije oerlevere grammatikale fragminten út 'e 17de ieu. Dy soene dochs yn dat haadstik oer de midfryske taalkunde thúshearte, soene men sizze. En wrychtich, dêr wurde se ek gewoan behannele, en it sterkste is noch dat der sels gjin inkelde ferwizing oer en wer is, noch by Boersma noch by Feitsma. It liket as hawwe se fan inoars wurk net op 'e hichte west. Men freget jin dan wol ôf wat hjir de koördinearjende rol fan 'e redaksje west hat. It nijfrysk hat wer in haadstik oer leksikografy (A. Dykstra) en grammatika (T. Feitsma), mar oars as by dy oare tiidrekken komt de leksikografy hjir net op it foarste plak. Tusken midfrysk en nijfrysk stiet dan noch in haadstik oer de skiednis fan 'e stavering (ek wer fan T. Feitsma), mooglik omdat dat beide tiidrekken beslacht. Mar dat docht it haadstik oer de nammekunde (K.F. Gildemacher) ek, en dat stiet wer in hiel ein fierderop.

Wy binne no al by de lossteande haadstikken belâne. Njonken dy oer stavering en nammekunde geane dy oer taalsosjology anneks sosjolingwistyk (J. Ytsma), dialektology (A. Versloot) en de taalnoarm (S.T. Hiemstra). Gelokkich binne de eastfryske (P. Kramer) en de noardfryske taalkunde (O. Wilts) ek net fergetten. In grut pluspunt is fierders it wiidweidige register, dêr't it boek mei ôfsletten wurdt. Allinnich is it dêr spitich dat by ûnderferdielings net even ynsprongen wurdt. No liket it krekt oft it alfabetysk net doocht, want op bygelyks it stekwurd *sosjolingwistyk* folget yn ien siken *korrelasjonele*, *ynteraksjonele* en dan wer *sosjolingwistyk Eastfryslân*.

Op 'e al synjalearre grammatika fan it âldfrysk nei lykje de wichtichste mêden sa wol dutsen te wêzen. Wat ik lykwols wol slim mis - mar yn tsjinstelling ta dy âldfryske grammatika neamt de redaksje dat ûntbrekken net - is in haadstik oer de feroarings yn it Frysk, sismar de histoaryske taalkunde. Dat hat dochs, ek al wurdt der opheden, benammen nei it ophâlden fan Miedema, spitigernôch net it measte mear oan dien, fan âlds in wichtich ûndersyksmêd yn 'e Fryske taalkunde west. Wol is der fansels hjir en dêr wat oer te finen yn it haadstik oer de dialektology, en Feitsma wijt der yn it haadstik oer de grammatika fan it nijfrysk ek in sidelange paragraaf oan, hoewol't it ûnderwerp strikt nommen net yn dat haadstik thús heart, tinkt my.

Sitte der yn 'e opbou fan it boek lytse ûnlykwichtichheden, dat jildt ek foar de aktualiteit derfan. Dat hat fansels te krijen mei de lange tiid dat it ûnderweis west hat. De redaksje meldt foar elts haadstik wol kreas wannear oft it ôfsletten is, mar hat sa't it liket de meiwurkers net de gelegenheid jûn om har stikken noch oan te foljen. Mar wêrom net? Al te grutte yngrepen kin sa'n oanfolling oer de lêste pear jier net mear opsmite. De brike figuer fan pleatsing fan in aktualisearre ferzje fan Gildemacher syn stik yn *Naamkunde* (Gildemacher 1999) sels noch foar de pleatsing fan it orizjineel hie sa tefoaren kommen wurde kind. Gildemacher syn bydrage is oars net de iennichste dy't al earder publisearre is. It stik oer de nijfryske leksikografy (Dykstra 1994) en Nielsen sines (Nielsen 1994) wiene oarsearne ek al earder te lêzen. Dat fan Nielsen liket neffens de titel *Foar-Aldfrysk: In oersjoch* hast wol spesjaal foar in tydskrift skreaun te wêzen. Ommers, yn in boek as ditte is de tafoeging "in oersjoch" folslein oerstallich, want oarsoartige haadstikken steane der

hielendal net yn. Benammen by Nielsen is dat net op 'e hichte bringen fan 'e ti spitich, want no hat er de wichtige, wer oplibjende diskusje oer de Anglo-Fryskhypteze en it Ingweoansk (Stiles 1995, Van Bree 1997, Fulk 1998) net meinimm kind.

Dit binne dan dingen dy't misse troch de lange tariesingstiid fan it boek. Mi ôfsjoen dêrfan en fan it al neamde ûntbrekken fan haadstikken oer histoarysk grammatika en de grammatika fan it âldfrysk, steane de wichtichste risseltaten fa safolle iuwen Frysk taalkundich ûndersyk yn it boek allegearre kreas beskreaur Foarsafier't ik it besjen kin - mar ik bin fansels lang gjin spesjalisist op alle fakgebieten - skoart it boek op dit ûnderdiel net min. Yn ien haadstik, te witten dat fa Hiemstra, hie it sels wol wat minder mocht: elts dy't him ea ris útlitten hat oer de taalnoarm moat hjir wol werom te finen wêze, soene men sizze. Dat docht ek w blikken út 'e sifers: nei in tekst fan 21 siden folget mar leafst in 17 siden lange bibliografy, de langste fan it boek en langer as bygelyks Kramer en Wilts harre wylst dy nota bene allinne it hiele brede terrein fan 'e east- respektlyk noardfryske taalkunde foar har rekken nimme moasten, en wylst dy taalnoarm op himse dochs eins in frij beheind en oersichtlik mêd is.

Sa detaljistysk at Hiemstra is, sa oerslaand is spitigernôch Feitsma yn har haadstik oer de grammatika fan it nijfrysk, al is dat, at jo de ûntsteansskiednis fan boek witte, ek wol wer wat begryplik. "Yn dit haadstik wurde in stikmennich blikaasjes behannele dy't yn prinsipe in folsleine grammatika leverje of in belangryk part dêrfan behannelje. By de earste taalkundige dy't wy hjir behannelje, Wassenbergh, ha wy dat kritearium net tapast", sa kundiget se fuortdaliiks oan. Gelokkich hat se net sa strang west as dat se sels oanjout, mar dochs hat dit haadstik foar de folsleinens fan it oersjoch wol fan dy selskeazen beheining te lijen hân. Spitich is dan wer dat se by de nammen dy't se dan al neamt faak hielendal gjin bybliografyske ynformaasje jout, sadat immen dy't net sa goed op dit mêd thús is, hi wat útsikerij te wachtsjen stiet. De útsûndering foar Wassenbergh is ek al wat apart - safolle wichtichs hat de man net oer de grammatika te melden hân -, en tsjut taglyk op in wanwichtichheid fan it haadstik: de klam leit navenant nochal op 'e tradisjonele, benammen 19de-ieuske, grammatika. Apart is ek dat der ek ûnderdielen y dit haadstik binne dêr't Feitsma har no just wol beheine kind, ja sels moatten hi in haadstik oer "Grammatika fan it Nijfrysk" heart oer publikaasjes te gean dy't nijfrysk behannelje. Mar yn paragraaf 5, "Histoaryske grammatika en dialektology", giet it oer oare tiidrekken, en dat jildt ek foar de alineasjes oer grafematyk (side 183). Nee, fan Feitsma har fjouwer bydragen oan it boek is dit dúdlik de minste.

De iennichste dy't wat my oanbelanget op it mêd fan 'e folsleinens dúdlik stelen falle litten hat, is Ytsma yn syn haadstik oer taalsosjology en sosjolingwistyk. Op himsels hied er dat ek noch maklik tefoaren komme kind, want yn syn ynlieding makket er folslein terjochte in helder ûnderskied tusken dy beide dissiplines. Mei syn konklúzje dat taalsosjology winliken sosjology is, hied er mei dat fakgebiet yn in skiednisboek oer *taalkunde* maklik ôfweve kind, mar at jo it dochs b

hannelje, doch it dan ek goed. Yn in haadstik dat ôfsletten is yn 1999 hie Germen de Haan syn fûnemintele krytyk op 'e taalenkêten (De Haan 1996) eins net ûntbrekke mocht, benammen ek net omt dy moai oanslút op Ytsma syn kryske hâlding sels op side 217. Slimmer is lykwols, dat de meast direkte konfrontaasje tusken taal en maatskippij, nammentlik de taalstriid, hielendal net neamd wurdt, wylst der dochts op syn minst twa tsjokke boeken oer dat ûnderwerp (Van der Schaaf 1977; Zondergeld 1978) besteane, en der ek sokke dielstúdzjes as Van Dijk (1982), Penrose (1989) en Van Rijn & Sieben (1991) it ljocht sjoen hawwe, om ús noch mar even te beheinen ta boekpublikaasjes.

It gong oant no ta oer it net neamen fan dingen dy't al ferskynd binne, mar it net neamen fan dingen dy't net ferskynd binne moat ek synjalearre wurde. It wittenshipsbedriuw hat, krekt as alle minsklike aktiviteit, no ienris suksessen en mislearings, en by in goede en dus folsleine beskriuwing fan 'e skiednis fan 'e wittenskip soene dy ek op it aljemint komme moatte. In praktysk probleem dêrby is, dat wat net ferskynd is, ek net yn 'e bibliografyen foarkomt, en in moreel probleem dêroerhinne is dat wittenskippers, bazen en jildsjitters it meastal ek net op priis stelle dat de mislearrings oan 'e grutte klok hongen wurde. Benammen by resinte kwestjes kin soks pynlik wêze. Mar de tiid sljochtet alles oer, en dêrom fernuveret it jin dat immen as Vries it yn syn haadstik oer de âldfryske tekstútjefte lit by de droege konstatearring dat fan 'e westerlauwerske wurken Unia, Roorda en Druk noch altyd gjin fatsoenlike edysje ferskynd is. Al dy lju dy't der drok oan wurke hawwe en soms ek al in hiel ein op streek wiene, jo lêze der gjin wurd oer. Hoe't it nammers wol kin, leart dat oare haadstik oer it âldfrysk, dat oer de leksikografy. Bremmer lit dêr earlik útkomme dat it op dat mêd net altyd roazen en anjelieren snijd hat, en dat hat mei makke dat syn haadstik ien fan 'e meast lêsbere (en spannend!) fan it boek wurden is. Nammers, lju as Gildemacher en Wilts sjogge ek hiel goed dat har fakgebiet ek lekken en brekken hat.

Ungemurkenwei binne we sa al oanlâne by de wichtichste fraach dy't men yn in besprek fan in boek as ditte stelle moat, te witten yn hoefier oft it slagge is as *skiednis* fan 'e Fryske taalkunde. En dan bedoel ik dus net allinne in werjefte fan konkrete risseltaten, mar benammen ek ynsjoch yn wat der foar nedich wie om ta dy risseltaten te kommen, lykas de ynfloed fan jild, technyk en mankrêft, en opfettings dy't yn de oanbelangjende tiid libben yn 'e taalkunde, yn 'e filosofy en wat fierder mar yn 'e maatskippij opbuorrele. Ik moat sizze dat op dat wat abstraktere nivo it boek aardich minder ta syn rjocht komt as yn syn werjefte fan 'e ienfâldige histoaryske feiten, al moat tajûn wurde dat der op dit punt tusken de ferskillende auteurs aardich wat ferskillen binne. Immen dy't wol besocht hat om in histoaryske kontekst te jaan is bygelyks Versloot yn syn haadstik oer de dialektology. Hy dielt syn behanneling yn neffens de grutte taalkundige streamings dy't der west hawwe (romantyk, Junggrammatiker, strukturalisme, generativisme, ensfh.), en besjocht dan hokker wjerslach oft dy yn 'e Fryske dialektology hân hawwe. Boppedat hat er ek each foar technyske betingsten lykas de opkomst fan opnameapparatuer en de kompjûter. Dat wol net sizze dat der op syn útwurking gjin kryske mooglik is. Sa

giet in ynliedende sin as "De yndividualisearring fan de moderne tiid komt sterk ta utering yn de Generative Grammatika fan Chomsky. Yn de GG stiet de taalkompetinsje fan it yndividu sintraal" my hastich genôch. Mar jo kinne der yn alle gefallen wurdearring foar ha dat er it teminsten besocht hat.

Dat kin spitigernôch net fan alle bydragen sein wurde. Dy fan Boersma (twa haadstikken oer it midfrysk), Hiemstra (taalnoarm) en Kramer (eastfrysk) binne amper mear as oaninoarprate bibliografyen. It sil wol net hielendal tafallich wêze dat de haadstikken dy't historiografysk it meast befredigjend binne, allegearre skreaun binne troch lju dy't ek al earder op it mêd fan 'e skiednis fan 'e taalkunde warber west hawwe, lykas Bremmer, Dykstra en Feitsma. Skiedskriuwing is sa't it liket dan dochts net sa simpel as dat in bûtensteander soms tinkt. Dat trijemanskip hat werklik each foar histoaryske ûntwikkelingen en kin de ferskynsels knap yn har tiid pleatse. En dan is der ek noch in tuskenkategory fan lju dy't miskien net it wie-re each fan 'e histoaryk hawwe, mar dy't sjen litte dat se boppe de stof steane en sadwaande bysteat binne om ûntjouwings gear te fetsjen en linen te lûken. Ta dat skift soe ik, yn opkluwende mjitte fan wurdearring, de bydragen fan Ytsma, Nielsen, Wilts en Gildemacher rekkenje wolle.

In oarsaak dat it skiednisaspekt yn it boek net rjucht syn gerak kriget, soe wolris lizze kinne yn 'e yndieling derfan. Dy is no neffens fakgebiet, en dan krije jo al gau dat de klam komt te lizzen op 'e ynhâldlike kant fan 'e saak. In yndieling neffens persoanen of ynstututen hie grif in hiel oar plaatsje jûn, ek al hie dat mooglik as neidiel hân dat de folsleinens fan 'e skiednis fan 'e hiele Fryske taalkunde dan minder syn gerak krigen hie. Mar ek in primêre yndieling neffens tiidrekken hie grif in oar byld opsmiten. De redaksje ferantwurdet de kar fan syn opset oars net. In foarbyld fan sa'n oarsoartige opset is dat oare boek oer de skiednis fan 'e Fryske taalkunde, Miedema (1961). Dy dissertaasje is dochts mear in skiednisboek wurden as ditte, dêr't jo soms earder it gefoel by krije dat it in ynlieding is op in fakgebiet. Wat dat oanbelanget kin men benijd wêze yn hoefier oft dizze útjefte it Handbuch op kommende wei foar de teannen rint. Nammers, dy dissertaasje fan Miedema spilet wol in hiel aparte rol yn dit boek. Hy wurdt troch de yndividuele auteurs noch wol in pear kear oanhelle as leveransier fan gegevens, mar as foarrinder wurdt er nearne neamd. At haadstik I dan ek begjint mei "Yn dit boek wurdt foar it earst in skiednis fan de Fryske taalkunde beskreaun. It behannelet net alle aspekten fan de saak (...), mar it is ek in earste besykjen", dan wurdt Miedema dêrmei gjin rjocht dien.

At oer it ginneraal de ôfsûnderlike bydragen histoariografysk teloarstelle, kin de ynlieding op it boek dat faaks oerhelje? No, net alhiel. Dy ynlieding begjint oars fuortdaliks al mei in ferrassing, want it hie yn 'e reden lein dat de beide besoargers fan 'e bondel, Bremmer en Dykstra, dêr mei rêde soene. Mar dat is sa net, in treden, te witten Tony Feitsma, tekenet der foar. Wat soene jo no yn sa'n ynlieding ferwachtsje? In totaal fyze op 'e skiednis fan 'e Fryske taalkunde, grif, dêr't om mar ris wat te neamen fragen yn beantwurde moatte soene lykas: Hoe bylke de Fryske taalkunde neffens oare nasjonale filologyen? Yn hoefier hied er in eigen ka-

rakter? Wat wiene prioriteiten yn 'e rin fan 'e jierren? Wat beynfloede de kar? Wie de Fryske taalkunde as lyts fakgebiet ek sterk ôfhinklik fan tafallige persoanlike foarkarren en kwaliteiten, of foel dat ta? Yn hoefier wie de Fryske taalkunde "by" by de ynternasjonale ûntjouwings? Wêr is oan te fermimmen dat de Fryske taalkunde in minderheidstaal bestudearret? Wêr leit it ferskil mei de taalkunde fan dialekten? Wat wie de ynfloed fan bûtenlânske ûndersikers? Yn hokker tiden en yn hokker spesjalismen wiene se benammen aktyf? Wêr kamen se wei en wêrom? Wat wie de eftergrûn fan de "native" Fryske taalkundigen? Wêrom keazen se foar it fak? En hokker spesjalisme namen se foar kar? Wat wie de ynfloed fan 'e Fryske taalkunde op bygelyks taalbelied, ûnderwiis, oare filologyen? Hoe lei binnen de Fryske beweging en maatskippij de konkurrinsje mei oare dissiplinen lykas letterkunde, skiednis, sosjale wittenskippen? (it Grinzer professoraat!, in ynstitúsjoneel wichtige striid, dy't hjir hielendal net neamd wurdt). Hoe lizze de ferskillen tusken de taalkundes fan it westerlauwersk, easterlauwersk en noardfrysk? Yn hoefier is it ferskil tusken de Nederlânske en Dútske wittenskiplike en maatskiplike paraplú te fermimmen oan 'e bestudearring fan 'e taalkunden yn 'e Fryske gebieten? En makket it ferskil yn it tal sprekkers ek wat út?

Oan 'e measte fan ditsoarte fragen, dy't útsoarte yn histoarysk perspektyf besjoen wurde moatte, komt de ynliding net ta. Lit my, om misferstannen foar te kommen, fuortendaliks sizze dat dy ynliding perfoarst gjin min stik is, en om de hâlding foar de taalstúdzje oer te behanneljen oan 'e hân fan 'e Leibniziaanske begripen *Sprachbrauch* en *Sprachquell* is sels in fynst. Yn it twadde part giet Feitsma yn op 'e fraach hoe't oare algemiene kwestjes, lykas oft taalkundige stúdzje bydrage moat oan 'e ferheffing fan 'e taal, it begryp analogy, en de (yn)kompletens fan 'e taal, yn 'e skiednis fan 'e Fryske taalkunde postuerje. Dat wurdt allegearre op kundige wize útlein. Mar men hie, as ynliding by in boek as ditte, graach in breder perspektyf ha wold. Boppedat is it ûnbefredigjend, dat yn itjinge dat Feitsma wol besprekt, de klam hiel bot leit op 'e taalkunde oant en mei rûchwei de earste helte fan 'e 19de ieu, wylst fierwei it measte fan 'e Fryske taalkundige produksje fansels fan 'e oardel ieu dêrnei is.

Oant no ta haw ik my yn dit besprek benammen rjochte op 'e ynhâld fan it boek, en dat is fansels ek it wichtichste. Hoe sit it lykwols mei de foarm? As boek bylket it net min. It frisreade omkaft wurdt foar en efter opfleure fan in 17de iensk gedicht fan A. Tymens, dat begjint mei de ferwachtingsfolle rigel "De Friesche spraak-kunst klimt op de hoogste Eere trap". De bân hat it besprek goed trochstien, en de Fryske Akademy hat diskear net sunich west mei rêstjaand wyt op 'e siden, dat ik fyn dy 45 gûne foar sa'n boek fan 372 siden eins mar in pryske. Apartiger-nôch is Gildemacher syn haadstik al tichter beprunte as de oare, en eins alle setflaters fan it boek binne ek yn dat haadstik te finen, dat it liket der op dat by de produksje dêr krekt in stekje falle litten is.

By in boek dêr't safolle auteurs oan meiwurke ha, kin it net oars of der ûntsteane ferskillen yn styl en prissentaasje. De ien skriuwt no ienris flotter lêsber as de oar. Hiele goede, ja hast meislepende haadstikken binne Dykstra en

Gildemacher harres. Bremmer hat syn haadstik in vanderleestiaansk karakter jûn mei sokke net deistige útdrukkings as *jamk* (s. 79), *skriks en skrank* (s.81) en *skraachoan* (s. 82), dat dy sil it wurdboek der wol by pakt ha, dat jo him as net-Fries oars fansels net kwea ôf nimme kinne. De oaren binne allegearre deeglike en saaklike skribinten, allinne by Versloot wurdt it soms wat rommelich. Mar dy beide haadstikken fan Boersma, hie dat net wat oars kind? Alderearst binne dêr syn ynlidingen, dy't ynformaasje jouwe dy't earder yn 'e lettere ynhâldlike paragrafen thúshart, en dêr nammers faak ek al stiet, dat allinne mar liedt ta in ferfelende ferdûbeling. Fierder griemt er mei de yndieling: útjefte fan nei 1800 steane yn 'e paragraaf oer de midfryske tiid sels (s. 113/114) en Junius en Vlitius wurde neamd om har leksikografyske aktiviteiten, mar dy steane dan wer net yn it haadstik oer de leksikografy mar yn dat oer de taalkunde. It meast yrritant is lykwols Boersma syn njonkenskikkende wize fan prissentearjen en opskriuwen. Djiptepunt is wat dat oanbelanget paragraaf 3.3.1 fan it leksikografyske haadstik, dêr't yn 14 ultrakoarte alinea's hyltyd mar op 'e selde wize opdroand wurdt wa't wêr oantekeningen fan besoege hat, wat by my tagelyk trienklieren en laitspieren yn aksje brocht. En oer njonkenskikking praat, wat moat men stilistysk oan mei in sin as (s. 132, it giet oer it *Quaedam*-fragment): "De auteur derfan is ûnbekend (sjoch paragraaf 6) en it waard troch S.A. Gabbema opnommen yn ...". En sa hawwe dy midfryske haadstikken mear knoffelichheden.

Alles meiïnoar is dit boek dus net sûnder wryt of slyt. It hat syn brekken en ûnlykwichtichheden, en neffens syn foargonger Miedema (1961) is it kwa yndieling en metoade (Miedema die bygelyks wiidweidich oan brieveûndersyk!) gjin ferbettering. Dy dissertaasje is dochs folle mear in skiednisboek wurden, dêr't de dynamyk fan it wittenshipsbedriuw en benammen ek de wittenskippers sels folle mear yn ta utering komme. En dochs meie wy bliid wêze dat Bremmer en Dykstra (en har auteurs) trochset hawwe. Yn it foarste plak fansels omdat Miedema nei 1940 ophâldt, en boppedat syn behanneling fan it tiidrek oant 1880 sketsmjittich bliuwt, in tiid dy't yn dit boek, benammen troch it pionierswurk fan Feitsma, krekt rom omtinken krijt. Mar ek omdat de hjir keazen yndieling wiswier wol praktyske foardielen hat: jo binne no fleanende fluch op 'e hichte mei de ûntjouwings yn in diel-dissipline, en dat is by Miedema in geweldige útsikerij. Mar dochs ek omdat eltse nije beskriuwing wer in nije fyzje op 'e skiednis jout, en dat is op himsels al in ferriking. Wat dat oanbelanget is de titel, hoewol miskien wat obligaant, dochs wol mei rjocht keazen: it boek jout in skiednis fan 'e Fryske taalkunde, net mear, mar ek net minder.

Siebrén Dyk